

VDGH-T 5 maart 2023. Numeri 11:1-15
Werom nei de fleispotten fan Egypte? Ds.
Pieter Post.

- Taspraak



Mozes hat it mar swier. Hy is roppen om de Israeliten troch de woestyn te lieden nei it beloofde lân. En dat fâlt net mei. Hy hat fansels tsjinsputtere doe't hy roppen waard by dat baarnde stikelbosk. Lit in oar dat mar dwaan, oan myn liif gjin polonaise. Hy stammerde, kaam min út syn wurden. Dat hâlde him tsjin, want hy moast mei de farao prate om de Israeliten frei te krijen (dat is net neat at je hjoed oan'e dei mei potentaten ûnderhandelje moatte). Mar hy kaam der net ûnderút. No, hie de Hear tsjin him sein, dan giet dyn broer Aaron mar mei dy mei, dat is in priester dy't wol út syn wurden komt, mar hoe raar ast der ek yn omslaast, dó bist roppen. 'It is mei sizzen alline net te dwaan', soe Grutte Watse wol yn it foardiel fan Mozes sizze. It giet yn it roppen wêze earder om ûnskeiberheid dan om perfeksy.

En no hat er mei syn gestjitter ek noch mei in kloft folk te meitsje dat hurd skriemt. Dat geklaag hâlt mar oan. Dan sakket jo de moed wol wat yn'e skuonen, wier? En dan is er nóch wat dat meispylet: se sitte yn de woestyn ek net yn de meast wielderiche omstannichheden. ûnherberschsum, dan stikhiet en wer iiskâld, gjin perspektyf. It klimaat wurket net mei. Dus klear bin je.

At je alles by elkoar optelle, begryp je wol dat Mozes tsjin de Hear seit 'wie ik mar dea', want wat is dit fan in libben! Lyk as dat it folk skriemt 'Wêr binne wy hjir yn te lânne kommen! Hjir is neat om te iten. Wien wy mar wer yn Egypte!'. Dat binne djiptepunten fan hjir oant Venus en Jupiter ta. It binne de libbensfragen dy't wy allegearre op syn tiid wolris stelle at ús tige tsjin sit. Werom moat it no sa, en kin it net oars.

At je alles by elkoar optelle, begryp je wol dat Mozes tsjin de Hear seit 'wie ik mar dea', want wat is dit fan in libben! Lyk as dat it folk skriemt 'Wêr binne wy hjir yn te lânne kommen! Hjir is neat om te iten. Wien wy mar wer yn Egypte!'. Dat binne djiptepunten fan hjir oant Venus en Jupiter ta. It binne de libbensfragen dy't wy allegearre op syn tiid wolris stelle at ús tige tsjin sit. Werom moat it no sa, en kin it net oars.

Litte wy net ferjitte dat dit soort fan útspraken tige minsklik binne. Miskien witte jimme ek noch wol doe't de Muorre yn 1989 fallen is, dat der East-Dútsers wienen dy't in skoft letter wer werom woen nei it âlde systeem, want se hien dêr altyd wurk en in fêst ynkommen hân. No wie der gjin wurk, en sjoch dan marris rûn te kommen. Der wie altyd te iten en te drinken. Suver fergees.

At it tsjin sit meitsje wy minsken ôfwegingen, mar at dat altyd de juste binne, is de fraag. Want yn dit gefal wie dat polityke bedriuw fier fan frei, lyk as yn Egypte.

Ik ha destiids faak oan dit ferhaal tinken moatten. It folk mei syn ferlangst nei't ferliene is eksemplarisch foar de muoite dy't wy hawwe mei feroaring. It is krekt as dat it koard fan juster stevich oan ús lûkt: 'hjr do!'. En at wy deroan tajaan meitsje wy in flucht nei't ferliene, wer't wy fan tinke dat it doe folle better wie. Mar wie dat safolle better mei syn goelachs en saneamde heropvoedingskampen, wer't minsken yn opslúten wurde at se mar ien wurd te folle sein? Hjoed de dei kinne wy oan de Oeigoeren tinke: it is net oars as destiids en yn inselde polityke konsternaasje. Ja, mar China hat ek de Chinese Muur en se binne sa freonlik en tsjinstber, sizze we dan. Mar soks ferblynt ús tagelyk foar wat efter de skermen bart. Der binne minsken dy út principe net nei dat soort lannen ta gean op fakânsje, omdat se wol witte dat it mei minskerjochten net al te bêst stelt is. De fleispotten ferblyne je foar de need wer't minsken yn sitte. En it folk lyket der al hielendal foar ferblynd te wêze, wylst se der sels diel fan útmakken. In soort fan ferdringing fan de wurklikheid, we't se net mear oan tinke woen. Se tochten allinne mar oan de búk fol.

It folk hâlt fêst oan it geskriem 'wy wolle hjir wei, dat beloofde lân helje wy toch net, wy wolle werom!' Wy tinke wolris dat alle feroaring ferlies is. Wylst rabbijnen der oars oertinke. Sy sizze dat by alle feroaring no ien kear de woestyn heard. It is de fase tusken wat wie en wat komme sil. Periode fan besinning. Der wer't je yn de tiis itte mei in fraag as 'Hoe komme wy út de problemen sûnder in foarútsicht op rêst, frede en gerjochtheid!', dat alles rint sa't rinne heard. Mar dat sykje nei dat foarútsicht moat je ûnderfyne, sizze de rabbijnen. Want hie it folk de ellinde en it ôfmedzjen (afmatting) yn de woestyn net ûnderfûn, dan soen se net by machte west ha om it beloofde lân yn te gean. Want tink

erom, wolfeart ferswakket, wylst in hurd libben en wurgens moed en striidberheid opleverje. (*Moré* iii,24) En dat is gjin ferlies mar winst. De woestyn kin ek winst jaan. It giet yn de woestyn (yn ús libben) om hoe oerlibje wy swakkens.

Dat is in hiele test foar it folk. Mei de Israeliten reizgen ek in kloft frjemden. Wy witte net wa't dat west binne, mar it *wien* my dochts in steltsje ûnrêststokers! Yn hast alle groepen sitte der wol in stik of wat fan dy minsken dy't de boel opstoke. Der stiet: 'Dy waarden oanstutsen fan begearlikens, sá slim, dat ek de Israeliten wer begûnnen te skriemen'. Hjir hawwe wy te meitsje mei in stelselmjittich beynfloedzjen fan de iene massa op de oare massa. Wa't swak is, kin gau stipe fyne by guons mei in grutte snút. En dan moat je foarsichtich wêze, seit dit ferhaal. Want foar dat je der erch yn ha, binne je ynpakt en ferkocht. De Israeliten helje oer nei it begearlikens fan dy frjemden. En dan begjint it gestin en geblaas. Yn oare wurden, jo moatte fêst op'e skonken stean om je net oer te jaan oan in oarlochsretoriek fan dy ploert ergens yn Moskou, om net mei te gean yn komplottheorieën oer it covid-virus dat it mei sin yn laboratoria betocht is, troch Bill Gates en fia 5G-straling. It giet ek rûn dat it troch flearmûzesop kommen is. No, en dan werom nei de fleispotten fan Egypte, seker?

Mar it folk lit harren beynfloedzje troch dy frjemden. En ik wit wol, je fiele de ferlieding goed oan. Mei dat opsomjen fan al dat hearlike iten datse no misse moatte, rint it wetter je yn'e mûle. 'Er word je een worst voorgehouden'. Fleis, fisk, wettermeloenen, komkommers, prei, sipels en knyflôk. Dus ik tocht, dizze kear mar in plaatsje yn kleur fan in fleisplot. Sjen wat dat mei it wetter yn úse mûle docht.

Sjoch, it wie fansels net sa datse mei in lege maag rûnen. Se krigen manna, as natuurferskynsel wie dat in soort wyte substansje dat delkomt, hurd wurdt en swiet smakket. Der koenen se siten fan meitsje. Se makken der oliekoeken fan, mar se rekken der fan útiten, nimme wy mar oan. No moat je der tsjinwurdich ek net mei oankomme, mei manna. Want ik lêste dat manna fan skildlúzen komt dy't op in beam mei de namme *manna tamarisk* groeit. En foar de opbou fan larven hawwe se stikstof noadich. Hoe wolle jo it ha! Stikstof! Wa't yn dizze ferkiezingsstriid tsjin de reduksje fan de stikstof is, hat der mar in moai bibels ferhaal by. Se sille sizze, stikstof hawwe wy just tige noadich! Oars kinne wy net ite. Mar no wit ik wol dat de bibel harren net útlit oer hjoeddeiske klimaatproblemen, allinne oer hoe't wy mei de skepping omgean. Klear.

En wer't no om giet, is dat it folk dat manna datse fergees krigen, net mear ha woen. Dat manna wurdt yn de tradysje ek wol ús deistich brea neamt. Mar mei datse dat net mear ha woen, krasten se it 'jou ús hjoed ús deistich brea' by wize fan sprekken troch yn it Ús Heit. Dogge we dat, dan sjogge wy leaver nei de oerfloed fan Egypte mei syn lekkere iten en slavernij, dan nei it manna fan de befrijding wer't Jaap Zijlstra in liet oer makke mei dizze richels: 'Ferswij dit boadskip net, mar strui mei golle hân dit manna foar elks hert, dit brea foar alle lân'. (687). Mar mei datse it manna fuortsmyten, smyten se einst ek it Beloofde lân fuort en dermei ek de Tsien Wurden. En bin je dat kwyt, dan bin je alles wat hoop en perspektyf oanbelanget kwyt.

En dat dogt Mozes sear. Hy hat it swier. Sjogge se dat no net yn? Swier ek, omdat hy al in skoft lien de Tsien Wurden jûn hie. Die soenen feroaring en ferantwurdlikheid ûnder it folk bringe, in nije wrâld. De Tsien Wurden wurde ek beskôge as manna, as deistich brea. Derom seit Jezus ek 'Net fan brea allinne sil de minsk libje, mar fan alles wat út Gods mûle komt'. It giet net allinne wat er troch úse mûle yngiet, mar just ek om wat er fan Gods mûle útgiet: 'Wurdt net lyk as Egypte'. Ik ha jimme ommers út Egypte weihelle, meitsje gjin bild fan My, misbrûk myn namme net, nim ien dei yn'e wike frei, ear dyn heit en mem, sla net ien dea, brek de trou net, stel net, wês iepen en earlik, en begear net. Dan kinne jimme der fan op oan dat er wat nijs komme sil. Net werom, mar foarút.

Dit ferhaal heard goed by de 40dagetiid, wer't ek oer fêsten giet. It giet net om wat wij hawwe, mar om wa't wy binne. Dat we tankber wêze kinne foar ús eigen libben, én it ha kinne dat inoar yn in oare situaasje libbet en miskien wat mear of in soad mear hat. Dat wy neitinke oer wat foar ús genôch is, en oer wat bydraagt oan inoar dy't tekoart komt, yn materiele sin en yn de sin fan mei sawn pear earen nei ien lústerje. Mar ek dat we yn opstân komme wannear richels fertelle dat minsken it dwaan moatte mei wat se krije, wylst se net rûn komme kinne. Dat binne de oertinkingen yn dizze 40dagetiid, dat it perspektyf fan it Beloofde lân tichterby bringe wol, dan de fleispotten fan Egypte. Soe Mozes troch ús wat rêsticher wurde?